

FERKIEZINGSPROGRAMMA **FRYSLÂN**



**PROVINCIALE
STATEN
VERKIEZINGEN
15.03.23**



qBBB

DE STIM FAN EN
FOAR FRYSLÂN



DE STIM FAN EN
FOAR FRYSLÂN

DE FYZJE EN MISSY BBB FRYSLÂN

BBB Fryslân bringt boargers en boeren yn beweging. Wy komme op foar alle ynwenners dy 't har net herkenne yn it Haachske belied dat hieltyd fierder fan it Fryske plattelân ôf komt te stean. BBB Fryslân set him dêrom yn foar sûne boargers, in sûne maatskippij, in sûne (te meitsjen) ekonomy en sûn wenjen; tichteby, sosjaal en mei in grutte ûnderlinge ferbûnens. Mei as basis in transparante, earlike, yntegere en helpfeardige oerheid foar elkenien. De oerheid is der foar har boargers en net oarsom.

De wurdearring fan boargers foar boeren en fan boeren foar boargers is ûnfermindere grut. Boeren kinne net sûnder boargers, boargers net sûnder boeren. It tanimmende omtinken foar de komôf en produksjeomstannichheden fan iten en de hâldberens fan ús leefomjouwing freget in yntinsiver kontakt tusken boargers en boeren en in fersterking fan it begryp fan wjerskanten. Allinnich tegearre, op grûn fan dielde fyzje en wearden kinne wy foarm jaan oan wolfeart en wolwêzen.

De groei fan stêden en de tanimmende yndividualisearring kreëarret yn de Rânestêd in maatskippij dy 't wat fierder ôf stiet fan de fysike leefomjouwing, de primêre sektoaren en in maatskippij fan ferbûne minsken. It plattelân is goed foar pak in wei 5 à 6 miljoen ynwenners (boeren en boargers) fan Nederlân en yn opperflakte beslacht it > 80% fan ús geografy. Op it Fryske plattelân is der in oare dynamyk en libbensstyl, wêryn 't de fysike leefomjouwing, buorrehelp en mei-inoar problemen oplosse fanselssprekkend binne. Om de leefberens yn de stêd grutter te meitsjen wol BBB Fryslân dit "Noaberschap", of sa 't wy yn it Frysk sizze "Mienskip", tusken stêden en de omlizzende doarpen ferstevigje.



BBB

DE STIM FAN EN
FOAR FRYSLÂN

KEARNWEARDEN BBB FRYSLÂN

MIENSKIP (NOABERSKAP)

- Wy jouwe om inoar en wurkje respektfol gear.
- Der foar inoar wêze is fanselssprekkend.

GULDEN REGEL

- Behannelje de oar sa ast sels behannele wurde wolst.
- Wat gjin niet wilt dat u geschiedt doe dat ook een ander niet.
- Betrouber, earlik, oprjocht en respektfol.
- Elkenien is gelyk. Transparant, helder en iepen.

AUTENTYK

- Bliuw dysels, doch gewoan, wês posityf (it glês is healfol). Humorfol.
- Gjin arrogânsje, gjin kapsoanes of fratsen.

PROFESSJONEEL

- Sjoch foarút, nei de lange(re) termyn. Goede styl & hâlding.
- Stel it algemien belang boppe it persoanlik belang.



DE STIM FAN EN
FOAR FRYSLÂN

TAKOMST FAN DE PROVINSJE FRYSLÂN

De provinsje Fryslân is in midden bestjoer (tusken ryk en gemeenten) dêr 't Friezen harren bot mei ferbûn fiele. It doel fan BBB Fryslân is dan ek dat alle ynwenners fan Fryslân sûn en plezierich wenje kinne, wurkje en rekreëarje. Wy spoare ynwenners oan om mei te tinken en te wurkjen oan in provinsje dêr 't alle ynwenners harren thús fiele. Wy wurkje gear as partner, mei oare oerheden, bedriuwen en boargers om dy maatskiplike opjeften te realisearjen.

YNLIEDING: **ELTSE DEI BBBETTER**

“Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde”

As we it bêste lân fan de ierde besjonge yn it Frysk folksliet, dan ha we it oer ús Fryslân. In unike plattelânsprovinsje dêr 't wy tanksij ús eigen taal, ús eigen kultuer en ús eigen histoarje 'thús' fiele. Dat wol BBB Fryslân net allinnich koesterje mar ek fersterkje op it krêftige plattelân en yn de sterke stêden, dêr 't we wenje en wurkje. Dêrby witte wy as gjin oar ús wolwêzen op wearde te skatten. Wy Friezen binne net foar neat it lokkichst fan alle Nederlanners. Dochs fernimme we dat dit lêste hieltyd mear ûnder druk te stean is. Tink dêrby oan de tanimmende wenningkrapte, de stigende fêste lêsten, ynflaasje, oprinnende regeldruk op agraryske sektor en de groeiende persoanelste-koarten yn soarch, ûnderwiis en in soad oare service-rjochte beroppen. Dy tanimmende druk op ús regio is net út de loft grypt. We hearre it fan ús boargers en boeren, we sjogge it oan de leef-omjouwing en oan de minsken, sterker noch; we meitsje it sels mei.



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

BBB Fryslân fynt it dêrom tiid foar in oare oanpak. Tiid foar oare polityk. Tiid om de hannen út 'e mouwen te stekken. Tiid foar de oerheid én polityk om oan it wurk te gean. Mei sûn 'nochter' ferstân en ' boerboargerbelied ' wolle wy nei in transparante oerheid, wêrby 't ynwenners sintraal stean en meirate kinne en / of bepale oer karren yn harren leefomjouwing. Dêrby stribje wy nei in provinsje dy 't derfan útgiet dat boeren en boargers betrouber binne en nei in provinsje dy 't der op fertrout dat boargers en boeren it bêste foar en mei inoar hawwe. As it oan BBB Fryslân leit, komt der in provinsjale oerheid dy 't stimulearret, yn stee fan (oer)regulearret. Dy fertrout yn stee fan ôfstraft. Sadat der foar boargers, boeren en ûndernimmers romte bliuwt en ûntstiet yn ús prachtige provinsje.

Yn dit ferkiezingsprogramma komt fan alles oan bod. Fan kultuer oant lânskip, fan yndustry en ekonomy oant leefberens en maatskippij; BBB is der foar alle ynwenners fan Fryslân. In leefbere, feilige en sûne provinsje is dêr 't BBB Fryslân dus foar stiet. Tegearre mei jo sille wy bydrage oan kânsen en mooglikheden foar alle ynwenners fan Fryslân en de identiteit fan ús provinsje. De besteande identiteit net allinne behâlde, mar just fersterkje. We gean keihurd oan de slach om it lûd fan BBB yn ús moaie Fryslân te hearren litten. Wy witte wat ús te dwaan stiet en wêr 't wy oan wurkje moatte: fersterkje, fertrouwe en ferbine. Dêr ha we elkenien yn Fryslân by nedich.

Yvonne Zonderop, "Groeierende twijfel: De Friese paradox: je hoeft hier niet vanaf je zestiende rendabel te zijn" Groene Amsterdammer, <https://www.groene.nl/artikel/je-hoeft-hier-niet-vanaf-je-zestiende-rendabel-te-zijn> (laatst geraadpleegd op 8-10-2022)



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

YNHÂLDSOPJEFTE

HAADSTIK 1: SÛNE BOAIEM, PLANTEN EN BISTEN

11

“Lânbou, Natuer, Wetter, Stikstof, Bioferskaat”

HAADSTIK 2: SÛNE BOARGERS

16

“Soarch, Wolwêzen, Lykweardigens”

HAADSTIK 3: SÛNE MAATSKIPPIJ

19

“Omjouwing, Lânskip, Enerzjytransysje, Wynmûnen / sinneparken”

HAADSTIK 4: SÛNE MAATSKIPPIJ

23

“Leefberens, Boargerpartisipaasje, Transparânsje, Privacy, Digitaal”

HAADSTIK 5: SÛNE MAATSKIPPIJ

27

“Erfgoed, Kultuer, Tradysjes, Taal, Sport”

HAADSTIK 6: SÛN WENJE

30

“Wenje, Ynrjochting, Bestimmingsplannen”

HAADSTIK: SÛNE EKONOMY

32

“OV, Berykberens, Ynfrastruktuer”

HAADSTIK 8: SÛNE EKONOMY

35

“Lokaal, MKB, Bedriuwichheid, Rekreaasje”



DE STIM FAN EN
FOAR FRYSLÂN

HAADSTIK 1: SÛNE BOAIEM, PLANTEN EN BISTEN

“Lânbou, Natuer, Wetters, Stikstof, Bioferskaat”

In sterke natuer en produktive en duorsume lânbou geane prima tegearre. Bioferskaat en agraryske aktiviteiten begjinne mei in sûne boaiem en soarchfâldich wetterbehear. Boeren, boargers en ûndernimmings drage in mienskiplike ferantwurdlikheid foar natuer, wetter en bioferskaat. Sawol yn it stêdsgebiet as yn it bûtengebiet. Se meitsje mei-inoar karren foar duorsum útfierber belied. Yn dat belied steane fersterkjen fan natuer en agro-ekonomy sintraal. Boeren hawwe yn it bûtengebiet in aktive rol om natuerdoelstellings, lânskipsbehear en produksje fan iten te realisearjen. Dêrby spilet de wetterhúshâlding ek in grutte rol yn de kwaliteit fan de bûtenromte. BBB Fryslân fynt it tige wichtich dat de provinsje in goede gearwurking hat mei de wetterskippen om de wetterhúshâlding te ferbetterjen en op in realistyske wize te wurkjen oan ferduorsuming.

HAADSTIK 2: SÛNE BOARGERS

“Soarch, Wolwêzen, Lykweardigens”

Sûnens is ien fan de wichtichste saken yn it libben fan minsken. Yn de fyzje fan BBB Fryslân is sûnens it resultaat fan in gearspul tusken yndividu en omjouwing. Wy binne lykweardich en ynklusyf, elk yndividu is oars mar elkenien heart derby! Sûnens hat in wichtige relaasje mei dyn plak yn de maatskippij en de mjitte wêryn je mei diele yn wolfeart. De provinsje kin in wichtige bydrage leverje oan in sûne omjouwing dêr ‘t elkenien yn meidwaan kin. Dat giet it bêste as de provinsje dat docht yn gearspraak mei de omjouwing. Wy leauwe yn in yntegrale omjouwingsrjochte oanpak dy ‘t ynspilet op wat der libbet by ynweners. In oanpak tegearre mei (maatskiplike) organisaasjes, gemeenten en de ynweners sels. Net elke wyk, streek of doarp kin sels ynfolling jaan oan winsken en ek hawwe ynstellings de fasiliteiten dy ‘t nedich binne foar sûne boargers net altyd beskikber. Dêrom is de needsaak dat de provinsje koördinearret en fasilitearret om dit mooglik te meitsjen wat regionaal / lokaal net helber is. Fansels jildt dat ek op it mêd fan previnsje



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

HAADSTIK 3: SÛNE MAATSKIPPIJ

“Omjouwing, Lânskip, Enerzjytransysje, Wynmûnen / sinneparken”

Ferduorsuming begjint mei it ferminderjen fan it gebrûk fan enerzjy. Dat kinne boargers en bedriuwen mei-inoar foarm jaan. Der is enerzjywinst te heljen as de provinsje dat mei belied fasilitearret en stimulearret. De needsaak om oare enerzjyboarnen oan te boarjen is evident en wat BBB Fryslân oanbelanget hawwe boargers en bedriuwen mei-inoar de krityske massa en de romte om enerzjy op te wekken dêr 't dy ek brûkt wurdt. Sinne-enerzjy opwekke binnen de besteande beboude romte, lykas op dakken, is net allinnich miljeu-effisjint mar ek romte en ynfrastruktuer effisjint. Sa wurdt enerzjy in demokratysk goed en in mienskiplike ferantwurdlikheid. Wy sjogge in needsaak foar boargerpartisipaasje yn enerzjyfoarsjenning. Allinnich op dy wize ûntstiet der draachflak. BBB Fryslân sjocht dêrby ek nei oare enerzjy-alternativen.

HAADSTIK 4: SÛNE MAATSKIPPIJ

“Leefberens, Boargerpartisipaasje, Transparânsje, Privacy, Digitaal”

De tanimmende polarisaasje tusken befolkingsgroepen en de tanommen winsk fan boargers om heard te wurden binne tema's dy 't sintraal steane yn polityk, bestjoer en beslútfoarming yn de takomst. Der binne meardere 'kloven te dichtsjen'! Foar BBB Fryslân stiet boargerpartisipaasje sintraal yn takomstich belied. Gjinnije struktueren, mar it better ynsetten fan besteande maatskiplike struktueren is it devys. Partisipaasje docht it allinnich by transparânsje oer dy partisipaasje en oer beslútfoarming en hjir leit in wichtige rol foar it provinsjaal bestjoer. De wrâld wurdt hieltyd mear digitaal, dat sjogge we ek as in kâns sa lang we elkenien dêr mar yn meikrije kinne en minsken dy 't dat net byhâlde, te stypjen. Digitalisearring biedt it provinsjaal bestjoer middels om te ferbinen en sa tichter by har boargers en bedriuwen te stean. Njonken dat it in kâns is, moat der wol ôfwoegen wurde wannear 't it effektyf is om digitaal kontakt yn te setten by it kommunisearjen mei boargers. Der binne situaasjes te betinken wêrby 't in fysike gearkomste effektiver wêze kinne soe, as in online meeting. Soks fersterket lykweardigens, ferbining en it werombringen fan fertrouwen.



DE STIM FAN EN
FOAR FRYSLÂN

HAADSTIK 5: SÛNE MAATSKIPPIJ

“Erfgoed, Kultuer, Tradysjes, Taal, Sport”

De kultuerhistoaryske skiednis fan Fryslân en har prachtige eigen Fryske taal is grut. Dêrom hechtet BBB Fryslân in soad wearde oan it yn stân hâlden en stypjen fan in fariearre en breed oanbod op it mêd fan erfgoed, kultuer, tradysje en sport. Dat binne ferbinende eleminten yn ús maatskippij en BBB Fryslân fynt dat boargers útnûge wurde meie om ek sels inisjativen te ûntploaien dy ‘t dêroan bydrage. Yn in hastige maatskippij drage rekreaasje en bûtensporten by oan ferbining en wolwêzen fan boargers. De provinsje Fryslân is by útstek in provinsje dy ‘t him dêrfoar lient.

HAADSTIK 6: SÛN WENJE

“Wenjen, Ynrjochting, Bestimmingsplannen”

Elke boarger in thús! Dat is de lêste jierren net mear fanselssprekkend. Yn de provinsje Fryslân moat mear wenromte kreëarre wurde kinne. BBB Fryslân sjocht kânsen sawol binnen besteande kontoeren as dêrbûten, as ynpasber út de omjouwingskwaliteit wei. Wy kreëarje kânsen troch mear romte te jaan oan werbestemmen fan wenfoarmen, wêrtroch ‘t de trochstream tusken generaasjes makliker ferrint. De provinsje is by útstek by steat om te stjoeren op aspekten as tawizings en selsbewenning. Op dizze wize ûntstiet in earlik spylfjild yn de provinsje, yn de stêd en op it plattelân. Dêrneist is der in bou-opjefte, dy ‘t wy foarmjouwe benammen yn de stêden en doarpen dêr ‘t dat nedich is, passend yn de omjouwingskwaliteit, yn it bûtengebied. Beliedsmjittich fersimpelje en ferhastigje kin hjir ek kânsen biede. Wy steane foar in wenbelied rjochte op duorsumens en mei respekt foar ynspraak, romtlike en natuerkwaliteit.



DE STIM FAN EN
FOAR FRYSLÂN

HAADSTIK 7: SÛNE EKONOMY

“OV, Berikberheid, Ynfrastruktuer”

Hast elkenien is alle dagen ûnderweis. Nei wurk, famylje en freonen. BBB Fryslân fynt it wichtich dat elkenien goede tagong hat ta ferfier en him frij bewege kin yn ús provinsje. In goede ynfrastruktuer ferbynt en bringt de ekonomy yn beweging! Fersterking fan iepenbier ferfier yn stêd en streek is it devys. Beskikberens, komfort en betelberens binne de oanjagers foar ferduorsuming fan mobiliteit yn ‘e breedste sin. Troch de goede oanmoediging kin de provinsje ferduorsuming fan mobiliteit fasilitearje. Der is hieltyd mear digitalisearring yn de ekonomy en de maatskippij en de digitale sneldyk is in wichtich part fan de mobiliteit fan de takomst.

HAADSTIK 8: SÛNE EKONOMY

“MKB, Bedriuwichheid, Rekreaasje”

BBB Fryslân fynt in sûne ekonomy fan grut belang foar de leefberens yn de provinsje. Om dy leefberens op it plattelân te behâlden moat de provinsje de lokale ekonomy krêftich stypje. De provinsje heart aktyf te wêzen yn it kreëarjen fan wurkgelegenheid, it skeppen fan in goede ynfrastruktuer, en it befoarderjen fan ûntwikkeling en groei fan bedriuwen. BBB Fryslân stiet foar in deeglik finansjeel belied, basearre op doelmjittigens wêrby ‘t de lêsten earlik ferdielt binne tusken boargers en bedriuwen. Ynvestearje dogge wy nea allinnich, mar altyd tegearre. Hjirmei fergruttest de ympakt en it resultaat fan ynvestearringen. Wy fersterkje de rekreative mooglikheden, foar ynwenners fan de provinsje Fryslân en omkriten en tagelyk boargje wy de omjouwing en leefkwaliteit.



DE STIM FAN EN
FOAR FRYSLÂN

HAADSTIK 1: SÛNE BOAIEM, PLANTEN EN BISTEN

“Lânbou, Natuer, Wetter, Stikstof, Bioferskaat”

LÂNBOU

BBB Fryslân is ‘grutsk’ op de Fryske boeren, túnkers en fiskers, troch harren stiet Fryslân by útstek te boek as lânbouprovinsje. It sosjale en ekonomyske belang fan de lânbou is tige grut yn Fryslân wat de rest fan Nederlân oanbelanget. Sa biedt de lânbousektor in direkte wurkgelegenheid oan goed 30.000 minsken, dat is 10 persint fan alle wurkjende Friezen. Dêrneist draacht de lânbou mei in wearde fan € 2,13 miljard yn totaal 37 persint by oan de totale Fryske eksport. Neist neamde sosjaal-ekonomyske belangen, draacht de boer ek in grutte stien by oan de leefberens fan it Fryske plattelân. Tink dêrby oan natuerbehear, greidefûgelbehear, wetterbehear, ferieningslibben, enerzjyfoarsjenning en edukaasje.

Nettsjinsteande dizze enoarme bydragen fiele de boeren en túnkers harren hieltyd mear miskend, omdat de algemiene wurdearring foar de lânbousektor ûnder druk stiet. Dat komt benammen troch werheljende negative framing, dy ‘t oanfjurre wurdt troch organisaasjes en ynstânsjes dy ‘t de lânbou út Nederlân leaver ferdwinen sjogge. Yn kombinaasje mei in tanimmende wet - en regeljouwing tsjin de boer liedt dit derta dat it plezier en de lust om fierder te ûndernimmen en te ûntwikkeljen ôfnimt. BBB Fryslân wol krekt it plak fan de boer en de agraryske sektor waarboargje, om ‘t de boeren en de sektor essinsjeel ûnderdiel binne fan ús Fryske maatskippij en plattelânskultuer. Om dat foarinoar te krijen, sette wy yn op de Wet Recht op Lânbou. Dêrmei garandearje wy it besteansrjocht fan de agraryske sektor yn de provinsje en foarkomme wy foar it grutste part jierrenlange prosedueres fan minsken en organisaasjes, dy ‘t gjin direkte belangen hawwe by ûntwikkeling of modernisearring fan boerebedriuwen.

NATUER EN WETTER

Mei de Waadsee, de Iselmar, de Fryske marren en de ferskate kultuerhistoaryske lânskippen is Fryslân ryk oan natuer. Al it natuerskjin wat ús provinsje herberget stiet yn nau ferbân mei ús leefomjouwing, de lân - en túnbousektor en de rekreaasjesektor. Foar de provinsje is der in dúdlike rol weilein om soarchfâldich om te gean mei de oanwêzige natuer.



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

BBB Fryslân is fan betinken dat it natuerbelied en natuerbehear tegearre gean moatte mei agraryske en rekreative aktiviteiten. Der moat in goede balâns komme tusken beskermjen, belibjen en benutten fan de natuer, want de natuer yn ús provinsje is net in op sich selssteand 'systeem'. Dêrby is ús útgangspunt dat natuer net konkurrearje moat mei produksje fan iten. Foar it behear fan de natuer sjogge wy in gruttere rol foar boeren en agraryske kollektiven weilein, want it meast effisjinte natuerbehear is agrarysk natuerbehear.

Dêrneist stiet BBB Fryslân foar in soarchfâldich provinsjaal wetterbelied, dêr 't feilich, genôch en skjin wetter(behear) de kearnpunten binne. Dêrby stribje wy nei in wetterbehear dat rekken hâldt mei de belangen fan 'e lân - en túnbou, rekreaasje en natuer. Yn it útfieren fan belied, ferliening fan fergunning of hanthavening steane waarnimming, mjitten wearden en wittenskip sintraal. Hjirby heart neffens ús de provinsje de gearwurking mei Wetterskip Fryslân op te sykjen.

STIKSTOF

It provinsjaal stikstofbelied (Útfieringsprogramma Stikstof) is tefolle rjochte op de ôfbraak fan de lânbou. Sa wurket de provinsje bygelyks yn Súdeast-Fryslân ta nei 75 prosint stikstofreduksje om de Fryske natuer te herstellen en fersterkjen. Yn dit belied leit de fokus foar it grutste part by it opkeapjen fan agraryske bedriuwen. Hjirmei wol de provinsje foldwaan oan de doelen dy 't opnaam binne yn de hjoeddeiske lanlike stikstofwet. It grutte probleem fan dizze wet en dus ek it provinsjaal belied is dat 'stikstof' op it stuit lyk stiet oan it minder wurden fan natuer. Dat strookt net mei de EU-rjochtlinen, dy 't júst rommere noarmen hantearje foar it yn stân hâlden fan bepaalde natuergebieten. BBB Fryslân giet foar oar en breder belied, wêrby 't stikstof gjin absolút beliedsdoel mear is.

Sûnt âlds hawwe agraryske bedriuwen de stabile ekonomyske motor ûnder Nederlân west. Earst koe de Nederlânske ekonomy opboud wurde, omdat Nederlân troch lânboubelied rjochte op foldwaande produksje fan iten gjin hongersneed mear kend hat. It stikstofbelied fan hjoed-de-dei is der lykwols op rjochte om de lânbou en agraryske bedriuwen ôf te bouwen.






DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

Dit wolle wy foarkomme. In leefber plattelân falt en stiet mei in fitale agraryske sektor. As de hjoed-deistige enerzjykrisis ien ding leart is it dat it beweitsjen fan dyn fûnemintele foarsjenningen, dêr 't produksje fan iten mei stip op nûmer 1 stiet, boppe-oan de prioriteitenlist stean moat. Dit moat de provinsje garandearje en beskermje. It binne sektoaren lykas de lânbou, mar ek enerzjyproduksje en soarch, dêr 't ús minsken écht net sûnder kinne. Dat besef wol BBB Fryslân mear yn de maatskippij lânje litte. Dêrom is it saak dat de lanlike Wet stikstofreductie en Natuurherstel werom nei de tekentafel giet. In hiele nije wet kostet in soad tiid, mar om de grutste hiaten út de besteande wet te heljen hat BBB yn de Twadde Keamer in inisjatyfnota lansearre.

BIOFERSKAAT

BBB Fryslân hechtet wearde oan it befoarderjen fan it bioferskaat en it boaiemlibben. In sûne boaiem is nammentlik foar alle Friezen fan belang, likefolle oft dyn boer of boarger binne, want faak wurdt fergetten dat sûn en earlik iten begjint by in sûne en fruchtbere boaiem. It is dus wichtich om de boaiem de soarch te jaan dy 't er fertsjinnet en hjir steane boeren, mar ek boargers oan de latte. Wy wolle op 't lêst de boaiem op in goede wize trochjaan oan de folgjende generaasje. By it fersterkjen fan it bioferskaat sjogge wy net allinnich mooglikheden by natuerbehearders en lânbouwers, mar by elk mei stikje bûtenromte yn stêden en doarpen. Mei mear grien yn beboud gebiet, aktyf behear op ynvasive eksoaten (planten en bisten dy 't hjir net thús hearre), yntinsivere stipe foar greidefûgelbehear, lânskipsbehear en wyldbehear kin de provinsje it bioferskaat in ympuls jaan.

SPEARPUNTEN BBB FRYSLÂN:

-  Der komt yn de provinsje in stabyl, langjierrich en betrouber plattelânsbelied mei in lange-termynfyzje, wêryn 't fêstlein is wa 't hokker romte krijt. It behâld fan bouboeren en lânbougrûn stiet yn dit belied sintraal.
-  Nije ûntwikkelings yn it bûtengebied liede net ta beheiningen foar de bedriuwsfiering fan de agraryske sektor.
-  De provinsje rjochtet him op it wersjen fan natuer - en bioferskaatsdoelstellingen út in yntegraal perspektyf wei yn in gebietsrjochte oanpak foar lânbou, natuer, en rekreaasje.



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

- Der komt gjin twongen opkeap of ûnteigening fan lânbougrûn en agraryske bedriuwen foar natuer.
- It provinsjale stikstofbelied (Uitvoeringsprogramma Stikstof) wurdt rasjonalisearre, net reduksjepersintaazjes, bistoantallen en bunders, mar natuerkwaliteit (fûgel / habitat rjocht-linen) binne liedend.
- De provinsje ûnderskriuwt it belang fan de glês - en túnbou en biedt romte en help as it giet om ferduorsuming en ynnovaasje foar dizze sektor. De provinsje stimulearret technologyske ûntwikkeling yn de lân - en túnbousektor. Hjir moat romte om makke wurde foar ynnovaasje en moatte eksperiminten fasilitearre wurde.
- Yn it ramt fan it agraryske ûndernimmerskip komme der provinsjaal gjin ekstra ynperkende regels rûnom eigen natuerbehear en rekreaasje.
- Stress troch ûnwissens oer dyn besteansrjocht is min foar de sûnens fan boeren, túnkers en fiskers. Dit moat ophâlde en BBB Fryslân bliuwt him ynsetten om derfoar te soargjen dat der wer besteanwissichheid komt foar ús boeren, túnkers en fiskers.
- Provinsjale uteringen en - kampanjes oangeande produksje fan iten en fiedselkonsumpsje wurde earst hifke op wierheid en feiten. Der komt in strukturele provinsjale kampanje, finansiert troch de provinsje, om boargers te stimulearjen yn de provinsje produsearre iten te keapjen.
- Boeren en boargers dy 't boppewetlike maatregels nimme foar lânskip, natuer en / of bio-ferskaat, de saneamde grien-blauwe tsjinsten, moatte dêr op strukturele wize foar beleanne wurde.
- De natuerbehearplannen wurde herbesjoen en aktualisearre nei de natuerûntwikkeling yn de praktyk. Utgongspunt hjirby is dat de natuer(ûntwikkeling) en de (tichteby) omjouwing hân yn hân geane.
- Út de provinsje wei wurdt de stipe fan de agraryske natuerferieningen en kollektiven yntin-siver, want op it mêd fan greidefûgelbehear, boufûgelbehear en lânskipsbehear jouwe se in wichtige ympuls oan it bioferskaat.
- Der komt struktureel provinsjaal belied foar (predaasje)behear fan skeaferoarsakende dier-soarten.



QBBB

DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

- De provinsje set yn gearwurking mei oare provinsjes in helder ôfskotbelied op foar wolven dy 't har geregeld fergripe oan lânbouhúsdieren.
- Ynvasive eksoaten, lykas de wetterkrassula, it jacobskruid, de reuzereadskonk de Amerikaanse rivierkreeft wurde troch de provinsje grûndiger bestriden.
- Út de provinsje wei komt der aktyf behear foar de enoarme populaasjes guozzen om de tanimmende guozzeskea yn te perken. Dêrby wurdt it konsumearjen fan guozzefleis oanmoedige.
- Berms en grienstripen yn behear fan de provinsje wurde op in natuerlike wize beheard. Der wurdt allinnich meand dêr 't dit strikt needsaaklik is foar de ferkearsfeiligens en dêrby wurde bermen ynsiedde mei blomrike lânseigen mingsels.
- Wy sette provinsjale bermen, grienstripen en rânen yn om de ynsektepopulaasje en bijepopulaasje te beskermjen.
- Der komt mear omtinken foar grien (gers, planten en beammen) yn de beboude romte (stêden, doarpen, bedriuwsterreinen).
- Swiet wetter is essinsjeel foar planten, bisten en minsken. De beskikberheid en it behâld fan swiet wetter hat hege prioriteit. De provinsje stribbet nei lokale redzsumheid op it mêd fan (drink)wetter, iten en enerzjy.
- Foar in praktysk útfierber dongbelied komme der provinsjale pilots mei waarsôfhinklik dong útriden (yn stee fan kalinderôfhinklik).
- Inisjativen om fosfaat út minsklike ûntlêsting te generearjen wurde befoardere út de provinsje wei.
- It brûken fan organyske dong wurdt befoardere yn provinsjaal belied en wêr mooglik ferfangt it keunstdong. It realisearjen fan ynstallaasjes en techniken foar it bêd - en ferwurkjen fan organyske dong wurdt dêrby meinaam.
- Planfoarming fan provinsje en Wetterskip Fryslân foar skjin wetter en in goed wettersysteem (mei omtinken foar wetterberging, ferdrûging en fersâlting) wurdt mei direkt belutsenen útwurke.



DE STIM FAN EN
FOAR FRYSLÂN

HAADSTIK 2: SÛNE BOARGERS

“Soarch, Wolwêzen, Lykweardigens”

SOARCH

De soarch yn ús provinsje moat tagonklik wêze foar elkenien. Dêrom is it wichtich dat de soarch lytsskalich, ienfâldich en leechdromplich organisearre wurdt, sadat ek de minsklike maat weromkomt yn de soarch. Ofrûne desennia hat it hieltyd sûner en fariearre wurdende iten bydroegen oan in sterk tanommen gemiddelde leeftiid fan manlju en froulju yn Fryslân. Mei de stiging fan de gemiddelde leeftiid yn de ôfrûne jierren, sjogge we ek dat de druk op de soarch al dy jierren tanimt. Mei troch de Covid -19 pandemy is it dúdlik wurden dat it hjoeddeistige soarchstelsel oan feroaring ta is. It wurdt heech tiid dat de minske sintraal komt te stean en net sa as no, it systeem.

De organisaasje en útfiering fan soarch leit foar it grutste part by de gemeenten, mar BBB Fryslân fynt dat wannear ‘t de tagonklikheid fan soarch binnen gemeentlike grinzen ûnder druk komt te stean, de provinsje har ferantwurdlikheid nimme moat om regionaal oplossingen te fasilitearjen.

WOLWÊZEN

In goede sûnens en wolwêzen fan de boargers begjint by sûn iten en drinken en genôch beweging. Dat is en bliuwt it grutste libbensferlet binnen in maatskippij. Neist it rjocht op sûn en fariearre iten drage oare behoeften lykas, betelber en komfortabel wenjen, feilige omjouwing, goede soarch, goed ûnderwiis en foldwaande iepenbiere foarsjenningen (iepenbier ferfier, sport, biblioteken, musea ensfh.) ek by oan it wolwêzen en de sûnens fan de boargers. BBB Fryslân fynt it dêrom tige wichtich dat elke boarger yn syn of har eigen buert oanspraak meitsje kin op foldwaande foarsjenningen.



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

MINDERHEDEN / LYKWEARDIGENS / YNKLÚZJE

BBB Fryslân is der foar alle ynwenners fan de provinsje Fryslân; dus gjin ûnderskied op kleur of eftergrûn, jong of âld, leauwich of net leauwich, hetero, homoseksueel. Elke ynwenner mei sich sels wêze. Jongeren hearre der by, âlderein en minsken mei in beheining dogge folweardich mei. Elke ynwenner mei sich feilich, noflik mar foaral wolkom fiele yn ús provinsje. Wy sette yn op in belied dat respekt foar in oar befoarderet en tagelyk biede wy in omjouwing dêr 't wy, foar de oerheid, de wet en it rjocht, allegearre gelyk by binne. BBB Fryslân stiet foar in maatskippij dêr 't elkenien oan meidwaan kin. Tagonklikens foar elkenien yn de Fryske mienskip stiet dêryn sintraal.

SPEARPUNTEN BBB FRYSLÂN:

-  Yn it ramt foar in bettere soarch - en wolwêzenssektor stribje wy nei foldwaande finansiering, dy 't troch de Ryksoerheid jûn wurdt oan de gemeenten en provinsje.
-  De provinsje draacht der mei soarch foar dat op benammen it plattelân der mear mooglikheden foar lytsskalige soarch realisearre wurde.
-  Op it plattelân, yn doarpen en buorskippen binne goede foarsjenningen oanwêzich, sadat âld en jong har thúsielen bliuwe yn harren eigen regio.
-  De provinsje stimulearret goed regionaal bewegingsûnderwiis, jeugdsport, programma's as 'Bewegen op resept' (wêrby 't minsken dy 't net folle bewege troch de húsdokter trochferwiisd wurde nei in sportoanbieder) en in grutter aanbod fan sport foar senioaren sille wy aktyf stimulearje.
-  BBB Fryslân sjocht wearde yn it ferbinen fan sosjale netwurken yn de provinsje, sadat sy inoar fersterkje en in goede basis yn de mienskip foarmje (ûnderwiis, berne-opfang, (jeugd) sûnenssoarch, jeugdhulp, sport, kultuer en leauwensmienskippen).
-  De grutte rol fan frijwilligers en mantelsoargers yn benammen de âldereinsoarch wurdt erkend en fasilitearre troch provinsjaal ûntwikkelingsmooglikheden (trainingen / kursussen) en ûnderlinge ferbûnens te stimulearjen.
-  Der komt út de provinsje wei mear foarljochting en positive oandacht foar de soarchsektor yn it basis - en fuortset ûnderwiis. Wurkje yn de soarch wurdt stimulearre. Mei genôch hannen oan it bêd bliuwt ek yn de takomst de soarch foar minsken beskikber.



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

- De provinsje sil de tagong ta universitêr, HBU - en MBO-ûnderwiis ferbetterje yn ús provinsje. Hjirmei byn dyn bepaalde bedriuwichheid en foarkomst datst jongerein dy studearje wolst út Fryslân en harren libben bûten de provinsje opbouwe.
- De provinsje befoarderet it tagonklik meitsjen fan iepenbier ferfier en binnenstêden foar rolstoelbrûkers. Tagonklikens omfettet ek it foarsjenningsnivo, bygelyks iepenbiere tagonklike ynfalide húskes yn de stedsk - en of doarpskearnen. Net alles hoecht fanút de oerheid te kommen, ek inisjativen fan boargers en bedriuwen kinne hjirynt stimulearre wurde.



DE STIM FAN EN
FOAR FRYSLÂN

HAADSTIK 3: SÛNE MAATSKIPPIJ

“Omjouwing, Lânskip, Enerzjytransysje, Wynmûnen / Sinneparken”

OMJOUWING & LÂNSKIP

Fryslân hat tal fan ferskillende gebieten mei eigen kenmerkjende lânskippen. Mei it Waadgebiet, de Súdeasthoeke, it Terpen - en Dykgebiet, de Noardlike Wâlden, de Feanpolders, it Lege Midden en Gaasterlân fynst nearne oars safolle ferskillende lânskippen as yn ús provinsje. It oanbelangje allegear lânskippen dêr ‘t wy ús thús yn Fryslân fiele. BBB Fryslân hechtet dêrom grutte wearde oan it behâlden en konservearjen fan dizze lânskippen. Mei it each op it behâld en goed hâlden fan de by Fryslân passende lânskipseleminten is it saak dat de provinsje middels hellet dy ‘t it lânskip en de leefomjouwing noch better meitsje.

De ôfrûne tiid sjogge we dat de druk op de Fryske romte hieltyd grutter wurdt. Ut de lanlike fraachstikken omtrint de enerzjytransysje, wenningkrapte en natuerûntwikkeling wei wurdt der benammen sjoen nei it bûtengebied. Yn it ferlingde dêrfan is de provinsje drok dwaande om dizze romtlike tema’s oer te setten nei provinsjaal belied. Sa wurdt der al wurke oan in Regionale Energiestrategie (RES), Deltaplan van het Noorden en in útwurking fan it Nacionaal Programma Landelijk Gebied (NPLG). Nettsjinsteande de tanimmende druk is BBB Fryslân fan miening dat de provinsje sunich mei de romte yn Fryslân omgean moat en foaral ek produksje fan iten, in earste libbensferlet, garandearje moat. Oare opjeften moatte safolle mooglik realisearre wurde troch besteande romten te brûken en it kombinearjen fan funksjes.

Dêrneist sjogge wy yn ferskate regio’s binnen Fryslân dat it belang fan it lânskip en feilige leefomjouwing net fanselssprekkend is. Sa hawwe gas - en sâltwinning, feanynklinking, grûnwetterûntlûking en fersâltting grutte ynfloed op de boaiem, lânskip en de leefberens. Dêr fernimme we dat de feiligens fan de Friezen en de leefberens op it plattelân net altyd op plak 1 stean. De resinte plannen om Ternaard hinne binne dêr in treffend foarbyld fan. Dêrom wolle wy dat de provinsje mear rezjy pakt by de skea ôfhanneling fan steapele mynbouskea en de skea dy ‘t feroarsake wurdt troch sâltwinning.



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

ENERZJY (TRANSYSJE)

Mei de hjoeddeiske planfoarming foar de enerzjytransysje (RES) rekket ús lânskip en omjouwing hieltyd meer fersmoarge mei wyn - en sinneparken om de opleine doelen fanút Den Haag (út it Klimaataakkoart wei) te beheljen. Foar BBB Fryslân is it lânskip likefolle wurdich as it klimaat. Dêrom fine wy dat bygelyks sinnepanielen net yn it bûtengebiet hearre salang 't der noch lege dakken en terreinen binne. Datselde jildt min ofte mear ek foar it pleatsen fan wynmûnen op lân en wetter dy 't benammen mei subsydzjes enerzjy opwekke dy 't net streekrjocht by de boarger terjochte komt. Yn dat opsicht moat de provinsje mear de fokus lizze op duorsume en lânskipsfreonlike enerzjyopwekking, dêr 't dy ek brûkt wurdt. Mei it stimulearjen en fasilitearjen fan lytsskalige en lokale inisjativen foar opwekking fan duorsume enerzjy, krije omwenners direkt de mooglikheid om mei te dwaan en mei te profitearjen. Dêrmei wurdt it eigenskip yn it sels opwekjen, de lytsskaligens en boargerpartisipaasje befoardere. By de realisearjen fan de doelstellings heart de provinsje de lokale belangen fan de ynwenners foarop te setten. Elke ynwenner moat it tempo fan de enerzjytransysje byhâlde kinne. Om dy reden moatte wy iepenstean foar alle foarmen fan duorsume en lânskipsfreonlike enerzjyopwekking, sawol foar de hjoeddeiske metoades as foar nijere techniken. Sa kin der desintraal wetterstof opwekt wurde (dêr 't it elektrisiteitsnet mei ûntlêst wurde kin) en kinne ek agraryske ûndernimmers mei dongfergisters harren regionale maatskiplike funksje útwreidzje troch grien gas te produsearjen. It kombinearjen fan funksjes en dy regionaal ynsetten fersterket Fryslân. Ek steane wy efter it opwekken fan kearnenerzjy, dat is yn in lân as Nederlân mei safolle druk op de romte de meast effisjinte wize fan enerzjyopwekking.

WYNMÛNEN / SINNEPANIelen / BIOMASSA

BBB Fryslân wol dat de provinsje de kânsen foar fernijbere enerzjy meinimt yn romtlike en transysjeplannen, om sa yn de takomst duorsume enerzjygebrûk mooglik te meitsjen. De oanlis fan sinneparken en wynturbines moat yn dy planfoarming safolle mooglik oan bannen lein wurde, sadat de lytsskaligere foarmen better ta harren rjocht komme. Dat hâldt yn dat der gjin grutskalige sinneparken yn it bûtengebiet komme salang 't der noch genôch mooglikheden binne foar de pleatsing fan sinnepanielen op dakken fan wenningen, bedriuwen en / of as ûnderdiel fan de yn-



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

frastruktuer (sneldiken, spoarwegen, lûdsskermen) of restgrûnen dy 't net troch harren lizzing net geskikt binne foar lânbou. Foar de opwekking fan wynenerzjy sjocht BBB Fryslân wol mooglikheden om lytsskalige wynturbines te pleatsen op yndustryterreinen of by agraryske bedriuwen. Foar dizze foarm fan lytsskalige enerzjyopwekking heart de provinsje in goede ynpassing te jaan yn de omjouwing. Dêrby pleitsje wy foar in romme ôfstân tusken wenhûs / bedriuwsgedebou en de lytsere turbine(s). Dêrfoaroer wolle wy krekt mear provinsjaal belied dat it brûken fan biogas / dongfergisting fasilitearret en stipet.

SPEARPUNTEN BBB FRYSLÂN:

- B** Fia regiodeals (gearwurking Ryk en regio) wolle wy de regio's yn Fryslân fersterkje, sadat wy it lânskip en de leefomjouwing behâlde en konservearje kinne.
- B** De provinsje stimulearret enerzjybesparring en stipet isolaasje / ferduorsuming by besteande wenten en bedriuwsgedebouwen.
- B** It isolearjen fan monuminten en wenten moat makliker wurde, provinsje stipet gebietsinisinjativen en ko-finansieret fragen fan legere oerheden.
- B** De oanlis fan (grutskalige) sinne-enerzjy terreinen wurdt troch de provinsje safolle mooglik beheind, benammen op lânbougrûn. Sinnepanielen wurde alderearst pleatst op dakken fan wenningen, bedriuwsgedebouwen, op lûdsskermen, of op bedriuweterreinen.
- B** Foar de enerzjytransysje set de provinsje yn op mear lytsskaliger duorsume enerzjyopwekking, yn stee fan grutskalige projekten.
- B** De provinsje set yn op stipe fan lytsskalige enerzjykoöperaasjes, dêr 't boargers mear sizzenkip, foardieligere tariven en mear karfrijheid hawwe.
- B** BBB Fryslân pleitet foar it upgraden en better gebrûk fan it hjoeddeistige elektrisiteitsnetwurk sadat alle stroom dy 't opwekke wurdt ek weromlevere wurde kin oan it net.
- B** De provinsje ûntwikkelet in pool fan eksperts dy 't help biedt by in alternative enerzjy-miks. Dizze alternative enerzjy-mjuks slút mega wyn - en sinneparken út en set folop yn op lytsskalige sinne-enerzjy, mono dongfergisters, rio -, aqua - en geotermie en desintrale wetterstofproduksje. Nije wynparken



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

- Wat de BBB Fryslân oanbelanget slút de provinsje mei wynparken út en der komme gjin wynturbines op wetter en lân. Yn stee dêrfan ûndersykje wy hoe en wêr 't wy op kearnenerzjy ynsette kinne.
- Yn it feangreidegebiet stjoert de provinsje yn `e mande mei Wetterskip Fryslân en grûnbrûkers op fleksibel en tûk peilbehear mei HAKLAM (heech as it kin, leech as it moat) as liedend prinsipe.
- Der komt in skeafûns foar takomstige mynbouskea. Dit fûns moat folle wurde mei de finansjele baten dy 't de mynboufirma's en de Ryksoerheid generearje.
- De fierdere realisaasje fan it miljoeneprosjekt Holwert oan See wurdt stopset. It plan foar in trochgong yn de seedyk en oanlis fan in tijmar hat tefolle ûnwissichheden en neidielen op it mêd fan it behear, ûnderhâld en fersilting.
- By it dykferstekkingproses tusken Koehoal en Lauwersmar sette wy yn op in 'bûtendykse' ferswierring fan de seedyk.



DE STIM FAN EN
FOAR FRYSLÂN

HAADSTIK 4 4: SÛNE MAATSKIPPIJ

“ Leefberens, Boargerpartisipaasje, Transparânsje ”

LEEFBERENS

Foar BBB Fryslân is in sûne leefomjouwing maatskippij in wichtich aspekt yn ús provinsje. Saken as feilichheid, leefberens en in sûn natuer - en boerelân binne essinsjeel foar de Fryske mienskip. It ferbetterjen en ûntwikkeljen fan in sûne maatskippij heart ta de kearntaken fan de provinsje. Dochs fernimme wy dat benammen op it plattelân de earder neamde kearnwearden (feiligens, leefberens en in sûne natuer - en boerelânskip) foar in sûne maatskippij de lêste jierren hieltyd mear ûnder druk steane. Oant no ta hat de hjoeddeistige provinsjale polityk net by steat west om in duorsume en langjierrige fyzje te meitsjen op de ûntwikkeling en it behâld fan bygelyks it plattelân, mei al syn unike skaaimerken, tradysjes, libbenswize en kultuerlânskip.

Foar de leefberens yn de provinsje is it nedich dat der foldwaande wenromte is foar eltsenien. Neist genôch wenromte is it fan essinsjeel belang dat der ek oare (lytsskalige) foarsjenningen yn de buurt binne, lykas buurt - en wyksintra, basis - en fuortset ûnderwiis, sintrum foar sûnenssoarch, húsdokter, berne-opfang, sportakkommodaasjes en allerhande winkels. No sjogge wy benammen op it plattelân dat bygelyks de soarchynstellingen en wenkorporaasjes har weromlûke, de (lytsere) basisskoallen tichtgean, de húsdokterspraktiken ophâlde. Ek by de lokale ûndernimmers as de kroech, bakker, slachter, kapper of doarpswinkel krije te krijen mei in ôfnimmende klandyzje wêrtroch 't sy faak slute moatte. BBB Fryslân fynt dat de provinsje him bot ynsette mei om krekt dizze foarsjenningen wer op in ' leefber ' nivo te krijen, sadat elkenien yn har / syn eigen buurt tagong hat ta alderhande foarsjennings.



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

BOARGERPARTISIPAASJE

BBB Fryslân stribbet nei in provinsjale oerheid dy 't mei boargers (yn stee fan oer boargers) praat. Dat slút ek oan by de maatskiplike ûntwikkeling, wêrby 't wy hieltyd better op 'e hichte binne fan wat der praat en sylt yn ús omjouwing. Om dy reden fine wy it tige wichtich dat ynwenners op foarhân serieuus meiprate kinne by belieds - en planfoarming. Dat slagget noch net echt mei it hjoeddeistige boargerpartisipaasjebelied. Dit belied hat in fierstente juridysk en burokratysk karakter en wurdt noch te frijbliuwend troch de provinsje ynset. Hjirmei komt de boargerpartisipaasje yn Fryslân net goed út de farve. De ôfwachtsjende hâlding fan de provinsje spilet dêr neffens ús ek in rol yn. Wy leauwe dat boargerpartisipaasje wurket ast de boarger ek opsikest. It sykjen wurket neffens de BBB it bêste fia de kanalen dy 't foar dy boarger tichtby en fertroud binne. Dit kin ûnder oare troch reguliere sosjale netwurken (wyk - en streek en doarpsmienskippen, tsjerken, sportferieningen, kultuerferieningen) yn te setten. Koartsein BBB Fryslân fynt dat partisipaasje ferankere wurde moat yn provinsjaal en gemeentlik belied. Dêrby sil de provinsje ek aktyf hifkje oft de legere oerheden in betsjuttingsfolle boargerpartisipaasje as ynstrumint ynsette en oft sy boargers echt sintraal stelle yn de beliedsfoarming.

TRANSPARÂNSJE

BBB Fryslân wol in oerheid dy 't transparant te wurk giet en earlik is oer de doelen en resultaten fan it belied. Transparânsje makket ferantwurding rjochting de boarger ienfâldiger en dêrmei de oerheid ek leauwaardiger. De provinsje heart tsjinstber te wêzen oan har ynwenners en ynteger te wurk te gean. Wy hechtsje wearde oan yntegriteit en transparânsje sûnder dêr yndividuen of in groep fan út te sûnderjen. Wy bedriuwe earlike en iepen polityk, wêrby 't de minske - en beslútfoarming sichtber en kontrolearber barre moat yn 'e provinsje en de legere oerheden. Wêr 't beslettenheid needsaaklik is foar goede beslútfoarming leit de oerheid efterôf ferantwurding ôf oer dy needsaak en oer dy beslútfoarming yn al har fasetten.



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

SPEARPUNTEN BBB FRYSLÂN:

- B** Leefberens (fan it plattelân) wurdt ûnderbrocht by it kearntakepakket fan it provinsjaal bestjoer.
- B** Foar alle ynwenners – ‘boeren boargers en bûtenlju’ – fiert de provinsje in stêd - en plattelânsbelied, wêrby 't de leefberens sintraal stiet.
- B** Op it plattelân, yn doarpen en buorskippen binne goede en foldwaande foarsjenningen oanwêzich, sadat âld en jong har thúsfielen bliuwe yn harren eigen regio.
- B** Iepenbiere foarsjennings as ûnderwiis, iepenbier ferfier en sûnensoarch bliuwe ek yn de doarpen goed beskikber.
- B** Der komt provinsjale ynset foar mear jild foar beminsing en tarêsting fan de plysje op it plattelân en it stribjen nei weromkear fan lokale plysjeposten.
- B** Lytse kearnen en plattelânsgemeenten en organisaasjes dy 't har dêr mei dwaande hâlde wurde stimulearre mei foldwaande finansjele middels om leefberens yn eigen regio te fergrutsjen. Sa fertsjinnet elk doarp / wyk / buert in eigen mienskiplik ûnderkommen.
- B** Earmoede en sosjale útsluting yn de provinsje wurdt bestriden mei in ferbettere stipe fan helporganisaasjes en itensbanken.
- B** Frijwilligersorganisaasjes en saakkundichheidsbefoarding fan frijwilligers wurde safolle mooglik stipe.
- B** De provinsje leit ferantwurdling ôf oer partisipaasje op eigen terrein mar ek oer dat fan legere oerheden yn de provinsje.
- B** De provinsje is der om ynwenners te stypjen krint in oplossingsrjochte en helpfeardich karakter. It motto wie, “ ik vertel je of het mag en wat je niet mag ” it motto wurdt: “ samen op zoek naar wat er kan ”.
- B** De provinsje set sosjale struktueren aktyf yn foar de ferbettering fan partisipaasje, op wyk, stêd, doarp en streeknivo. It entûsjasme fan 'e maatskippij benutte wy safolle mooglik. Yndividuele ynwenners of organisearren hawwe it rjocht om taken oer te nimmen (Right to Challenge).



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

- De provinsje sit inisjativen fan ûndernimmers, ferieningen en ynwenners sa min mooglik yn it paad mei regels en fergunningen en tinkt aktyf mei by inisjativen fan boargers en bedriuwen.
- Op provinsjaal nivo ynvestearje wy yn it belûken fan de boarger by beliedsfoarming. Wannear 't past organisearje wy in korrektyf (digitaal) referindum (binend) op basis fan signifikante opkomst fan in relevante groep en kwalifisearre útslach.
- Provinsje Fryslân wurdt transparanter, sawol oer fierd as te fieren belied, leit ferantwurdling ôf oer har bydrage en optrede yn it ljocht fan har doelstellingen en ferantwurde doelmjittigens fan belied en bestegings.
- Provinsjaal bestjoer, belied, resultaat en impact wurde tagonklik (digitaal) foar alle boargers en bedriuwen, en ek de provinsjale útfieringsorganisaasje. De provinsje stipet gemeenten ek yn dizze digitale takomst.
- De amtlike organisaasje fan de provinsje reagearret fluch en adekwaat op fragen / berjochten / klachten fan ynwenners. Se is transparant oer it proses, makket dúdlik hokker stappen der ûndernaam wurde en fersekeret passende fuortgong.
- De provinsje is soarchfâldich mei dielen fan ynformaasje oer boargers en bedriuwen en respektarret privacy fan har ynwenners.



DE STIM FAN EN
FOAR FRYSLÂN

HAADSTIK 5: SÛNE MAATSKIPPIJ

“Erfgoed, Kultuer, Tradysjes, Taal, Sport”

ERFGOED, KULTUER, TRADYSJES

As BBB Fryslân miene wy dat de leefberens fan wyk, stêd, doarp en streek fersterke wurdt, as ynwenners mei kultuer en kultureel erfgoed ferbûn binne. It bewust wêzen fan de kultuer en histoarje fan ús 11 stêden en 412 doarpen is in grut goed en wy binne fan betinken dat de provinsje alle ynwenners fan Fryslân dêryn meinimme moat. It kultureel erfgoed en lânskip fan Fryslân fertsjinnet it om goed beskerme en bewarre te bliuwen, sadat wy it oan in nije generaasje trochjaan kinne. Wêr mooglik stelle wy erfgoed iepen foar boargers en / of jouwe wy it in ekonomyske wearde of funksje sadat it ferline yn it no en de takomst in plak hat. Datselde jildt foar de Fryske kultuerynstânsjes, dy 't yn ús maatskippij in ferbinende faktor hawwe. Sa belibbet men kultuer faak mei-inoar; as besiker of as makker, yn in teäterseal, doarpshûs of biblioteek.

Binnen ús kultuer binne ek withoefolle skatten oan tradysjes en gewoanten ferankere dy 't bydrage oan datjinge dat ús identifisearret. Tink dêrby oan de Alvestêdetocht (yn al syn foarmen), konkorsen, fee - en hynstekeuringen en braderys / doarpsfeesten dy 't ynfolling jouwe oan ús Fryske kultuer. BBB Fryslân is fan betinken dat dy tradysjes fuortset wurde moatte en dat dy út de provinsje en gemeenten wei stimulearre wurde.

TAAL

Ús maatskippij en kultuer is ûnskiedber ferbûn mei de Fryske taal. Ús Fryske taal is as twadde Rykstaal in wichtige drager fan ús identiteit en hat in binende faktor yn de Fryske mienskip. As hoeder fan de taal stiet de provinsje, tegearre mei it Ryk, gemeenten en it Wetterskip oan de latte foar it behâld en stimulearjen fan it Frysk. Sa moat de provinsje der bygelyks op tasjen dat yn basis - en fuortset ûnderwiis it fak Fryske taal en kultuer jûn wurdt, mar ek dat der genôch foechhawwende learkrêften oplat binne en lesmaterialen ûntwikkele wurde.



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

SPORT

In sûne Fryske maatskippij wurdt foarm jûn troch de tradysjes en kultuer yn ús provinsje. Yn it ferlingde dêrfan binne sporten as reedriden, fierljeppen, keatsen en skûtsjesilen fan ûnskatbere wearde foar ús kultuer en maatskippij. Spitigernôch sjogge wy dat by benammen de ' Fryske ' sporten as keatsen, fierljeppen, kuorbal, toulûken de ledeoantallen foars ôfnimme. BBB Fryslân stribbet mei de oprjochting fan in "Akademy foar Fryske Sporten" dernei om de delgeande trend by dizze sporten te trochbrekken. De akademy kin dêrby ek sportkunde en ekspertize fan ferskate dissiplinen byinoar bringe en jout boppedat jongerein de kâns om yn de neamde sporten him te ûntwikkeljen.

SPEARPUNTEN BBB FRYSLÂN:

- Elke kearn fan de provinsje hat rjocht op in eigen doarpshûs of moetingssintrum, dat in plak biedt oan kulturele uterings foar maatskiplike en sosjale aktiviteiten en ferbining. Yn it lanlik gebiet ferbine wy de lokaasjes mei oare funksjes, bygelyks de funksje biblioteek of in (gemeentlik) oerheidsloket.
- De provinsje jout, yn gearwurking mei eigeners, bedriuwen en legere oerheden, mear omtinken oan it kultureel erfgoed en tradysjes. Dêrby is it belied rjochte op it bieden fan kontinuïteit op yndividueel nivo. Wêr mooglik jouwe wy it ferline in funksje yn it no en jouwe wy it spesjale in plak yn romtlike ûntwikkeling.
- Wy wolle dat ynwenners en besikers fan de provinsje Fryslân ferbûn wurde en bliuwe mei de keunst en kultuer dy 't de provinsje te bieden hat. Wy stimulearje lokale inisjativen dy 't harren ynsette foar de wyk, doarp, streek en stedskultueren.
- De provinsjale stipe fan kennis, kunde en middels wurdt evenrediger ferdield mei mear fokus op musea en oare kulturele ynstellings yn benammen it bûtengebiet. Hjirmei wurdt dielname oan kultuer, keunst en sport foar elkenien tagonklik.
- By de útfiering fan ús keunst - en kultuerbelied lizze wy wêr mooglik in ynhâldlike relaasje mei ekonomy, toerisme en romtlike ûntwikkeling fan ús stêden, doarpen en bûtengebiet. Wy sykje dêryn aktyf nei mooglikheden minsken te ferbinen.



QBBB

DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

- De provinsje yn gearwurking mei gemeenten fasilitearret it yn stân hâlden fan in lokale bibliotekfoarsjenning. Soks kin bygelyks yntegrearre wurde yn in doarpshûs of moetingssintrum. In bibliotekfoarsjenning hat in sintrale rol op it mêd fan kennisdieling en útwikseling foar jong, kin in wichtige skeakel wêze yn it oanpakken fan 'laaggeletterdheid' en befoardering fan digitale ynklusy en selsredsumens.
- De Fryske taal wurdt yn de provinsje safolle mooglik befoardere.
- De provinsje soarget foar in better twatalich (Frysk / Nederlânsk) ûnderwiis op de legere en middelbere skoallen.
- Yn it provinsjaal sportbelied wurdt it aksint lein op de breedtesport, sadat elkenien oan sport dielnimme kin.
- Foar it behâld fan typyske Fryske sporten wurdt der troch de provinsje tegearre mei oare sportpartners in " Akademy foar Fryske Sporten " ûntwikkele.
- De provinsje (as oandielhâlder) set alles yn it wurk foar strukturele ryksstipe om it iisstadion Thialf, it klopjend hert fan it (top)reedriden, iepen en finansjeel sûn te hâlden.



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

HAADSTIK 6: SÛN WENJE

“Wonen, Inrichting, Bestemmingsplannen”

WENJE YN EIGEN BUERT

Ek yn ús provinsje nimt de wenningneed hieltyd mear ta. Troch ferskate maatskiplike ûntwikkelings, lykas fergrizing, groei ienpersoanshúshâldens en ynstream fan statushâlders en / of arbeidsmigranten nimt it wenningtekoart yn Fryslân ta. Hjirtroch bliuwt it foar benammen jongerein, mar ek âlderen, lestich om yn harren eigen buert te wenjen. Yn dat opzicht fynt BBB Fryslân dat elke boarger der rjocht op hat om yn har of syn regio wenjen te bliuwen. Sa foarkomst de leechrin fan it plattelân en hâldst de leefberens fan ferskate regio's yn ús provinsje. BBB Fryslân stribbet der dus nei dat de provinsje op it mêd fan wenningbou in regyrol ynnimt.

YNRJOCHTING EN BESTIMMINGSPLANNEN

Ús doarpen en stêden ferskille fan elkoar, mar ien ding hawwe se gemien: doarp en stêd moatte in noflik plak wêze om te wenjen en te libjen. We moatte bouwe mar tagelyk soargje dat de leefomjouwing grien en sûn bliuwt. Op dit stuit is de wenningfoarried yn de provinsje te beheind en dat betsjut dat der wenningen boud wurde moatte. Ut prognoazes fan de provinsje docht bliken dat de wenningfraach (10.150 wenningen oant 2030) en klearlizzende (bestimmings)plannen foar nije wenten (10.200 wenningen oant 2030) der noch in grutte bouopjefte leit te wachtsjen om oan de wenningfraach te foldwaan. BBB Fryslân wol de wenningbou konsintrearje yn besteande doarpen en stêden, mei (besteande) foarsjennings ticht by hûs. Dat dogge wy troch werstrukturrarring, ynbreidzjen en fertichtsjen. We befoarderje de transformaasje fan leechsteande gebouwen lykas kantoaren. Boppedat wol BBB yn doarpen dêr 't genôch romte is minsken yn de gelegenheid stelle in saneamde ' kangoeroewenning ' stal te jaan, bygelyks troch it pleatsen fan in rom túnhúske, sadat sy soarch biede kinne oan harren âlden en wenlokaasjes trochjûn wurde kinne oer generaasjes. Wichtich is ek dat der foldwaande wenningen foar jongerein op it plattelân komme. Sa wurdt it ferskaat fan jong en âld op it plattelân behâlden en leechrin foarkommen. Leechrin liedt ta ferpaupering en ûnleefberens. Dêrby sjogge wy graach dat de provinsje en gemeenten by it tawizen (sosjale hier) of ferkeap fan in nijbouwenning, earst sjogge nei minsken mei in lokale bining.



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

SPEARPUNTEN BBB FRYSLÂN:

- B** Kern fan de bou-opjefte yn de provinsje wurdt lein yn it stedsk- en doarpsgebiet, troch safolle mooglik op lege en beskikbere plakken binnen de doarpen en kearnen te bouwen bliuw it unike kultuerlânskip en de romte foar lânbou en natuer behâlden. Net útwreiding, mar ynbreidzjen en eventueel heechbou tapasse om de romte effisjint te benutten.
- B** Der komme genôch wenningen foar jongerein en trochstreamers op it plattelân. Sa wurdt it ferskaat fan jong en âld op it plattelân behâlden en leechrin foarkommen.
- B** Der komt provinsjaal belied dat by it tawizen of ferkeapjen fan in wenning, foarrang ferlient oan minsken mei in lokale bining.
- B** Yn stêden, doarpen en bûtengebied dêr 't genôch romte is makket de provinsje de bou fan saneamde tiny houses en / of kangoeroewenten mooglik en ek it opsplitsen fan pleatsen yn meardere wenienheden.
- B** Provinsje befoarderet yn stêden en de gruttere kearnen steapele wenningbou dy 't passend is by de direkte (leef)omjouwing.
- B** De provinsje moediget de gemeenten oan om foar elke wyk of doarp in wyk-wenplan te meitsjen mei bewenners, mei mear omtinken foar tidige ynspraak by maatregels yn de direkte leefomjouwing op it mêd fan wenjen, ferbliuwen, grien, miljeu, feiligens, sosjale koheezje en ynfrastuktuer.
- B** Wy stelle in provinsjaal ' Oanjaachteam ' yn, sadat der flugger wenningen boud wurde kinne. Yn dit team sitte minsken fan de provinsje, gemeenten, de wenningboukorporaasjes, projekt-ûntwikkelaars en eventuele saakkundige ynwenners.
- B** Provinsje makket provinsjaal belied dat grinzen stelt oan de rekreative ferhier fan wenningen mei in wenbestimming en oan besit / bewenning fan in twadde wenning.
- B** De provinsje lûkt him werom út it Noard-Nederlânske ' Deltaplan fan it Noarden'. (In plan foar de bou fan 220.000 wenten yn Noard-Nederlân, yn ruil foar ynvestearringen út it Ryk wei foar de Lelyline en besteande trajekten).



DE STIM FAN EN
FOAR FRYSLÂN

HAADSTIK 7: SÛNE EKONOMY

“ OV, Berikberheid, Ynfrastruktuer ”

IEPENBIER FERFIER EN BERIKBERENS

BBB Fryslân fynt tagonklik iepenbier ferfier mei goede ferbiningen fan en nei stêden en doarpen essinsjeel. De provinsje, as fergunningferliener foar regionaal iepenbier ferfier, moat derfoar soargje dat ferbiningen tusken stêden, doarpen en it bûtengebiet fersterke wurde. Dêrby kin in bettere beskikberens, in hegere rydfrekwinsje en betelbere prizen it brûken fan iepenbier ferfier stimulearje. Wy wolle dêrby wurkje oan maatwurkoplossings, yn de wittenskip dat de fraach nei iepenbier ferfier foar ferskillende doelgroepen en / of regio's ferskillend wêze kin. Foar alle soarten fan mobiliteit kin ynformaasje en technology de beskikberens ferbetterje en de kosten ferleegje, tink dêrby oan in better funksjonearjen fan de 'Opstapper' en it optimalisearjen fan in dielfyts / scooter / auto.

Mobiliteit is foar ús as BBB Fryslân tige wichtich. Grutte gebieten fan ús lân binne jierrenlang eftersteld as it oankomt op berikberens. Dat hat minsken eftersteld yn it neijeien fan stúdzjes, karriêres, en it besykjen fan famyljes. Bettere ferbiningen mei de rest fan it lân soarget foar in goede ûntsluting fan Fryslân. Op dit stuit wurdt as oplossing sjoen nei it mooglik oanlizzen fan de 'Lelylijn (in nije treinferbining tusken de Rânestêd en it Noarden) dy 't de berikberens tusken it westen en Fryslân ferbetterje kin. Tagelyk sjogge wy ek in kearside oan de Lelyline. Sa is de kâns grut dat de Lelyline derta liede sil dat der op grutte skaal minsken út de Rânestêd nei Fryslân lûke. Dêrmei komt ús kultuer, taal, tradysjes en wize fan libjen (mienskip) ûnder druk te stean. Dêrom pleitsje wy derfoar dat de provinsje en it Ryk earst sjogge nei de besteande knyppunten yn de ferbining mei it Westen fan it lân.



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

(DIGITALE) YNFRASTRUKTUER

Njonken it maatwurk yn it iepenbier ferfier wol BBB mear ynsette op tûke tapassings dy 't de trochstreaming op de diken ferbetteret. Mear "griene weach" en tûke ferkearsljochten foar ferskate ferkearsbrûkers op ferskate diken. Mear technology yn de organisaasje fan steds - en streekferfier en it brûken fan technology om it gebrûk fan de ynfrastruktuer te optimalisearjen. Wy wolle ek mei gemeenten soargje dat alle wichtige knyppunten en wen -, skoalle - en wurklokaasjes ferbûn binne troch goede haadfytsrûtes. Hjir kinne elektryske fytsers, mar ek 'gewoane' fytsers, âlderein en skoalbern feilich en komfortabel gebrûk fan meitsje.

Op it mêd fan fytsen ha we yn Fryslân in moai netwurk oan fytspaden fan sa 'n 2000 kilometer. Om 't der de lêste jierren mear gebrûk makke wurdt fan de fyts as ferfiermiddel hechtet BBB Fryslân grutte wearde oan goede en feilige fytspaden. Ek yn en om de stêden is dat fan wêzentlik belang. Skoalbern en wenwurk fytsferkear moatte gebrûk meitsje kinne fan feilige fytsrûtes. Dat betsjut dat ûnderhâld en optimalisaasje de kommende jierren oan 'e oarder wêze sille. De moaie rûtes troch Gaasterlân, de pontsjes rûtes dy 't ûnder oare troch de Alde Feanen, Súdwest-Fryslân, mar ek yn it noarden en lâns de Fryske marren gean binne dêrneist ek fan wichtige wearde. Foar toeristen en rekreanten binne dit bygelyks oantreklike fyts gebieten.

Yntusken is in part fan de provinsje al oansletten op in glêsfezelnetwurk. BBB Fryslân jout glêsfezel ûnder essinsjele ynfrastruktuer, krekt as enerzjy en wetter, omdat it bydraacht oan ferbining en ûntwikkeling foar minsken yn de stêd en op it plattelân. Dat jildt ek foar beskikberens fan triedleaze ferbiningen foar mobile tapassings. Beschikberens, feilichheid en betelberens steane sintraal yn provinsjaal belied sadat dy ynfrastruktuer ek ynset wurde kin foar it oplossen fan maatskiplike fraachstikken lykas partisipaasje yn belied en bestjoer, transparânsje, mobiliteit, soarch, iensumens, oerheidstsjinstferliening.



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

SPEARPUNTEN BBB FRYSLÂN:

- B** De provinsje bestriidt ferfiersearmoed en biedt mei regelingen foar stêd, streek en doarp oplossings dy 't de leefomjouwing ferbetterje.
- B** De provinsje ferbetteret ov-ferbiningen tusken stêden en plattelân en wreidzjen dy út.
- B** Wy fersterkje, yn stee fan strekken, de buslinen yn de steds - en doarpskearnen en ferbetterje ferfier op ôfrop.
- B** De provinsje set digitalisearring yn om berikberens en tagonklikens fan it iepenbier ferfier te ferbetterjen. Der wurdt provinsjaal mear ynset op mooglikheden foar parten fan ferfiermiddels (auto, scooter, ensfh.).
- B** De provinsjale opsinten op de wegebelesting fan Fryslân wurde gelyk lutsen mei it lanlike gemiddelde.
- B** De provinsje soarget foar feilige en goed ûnderholden provinsjale diken en fytspaden.
- B** Oare spoartrajekten wurde earst optimalisearre, pas dêrnei sjogge wy oft in mooglike oanlis Lelyline winsklik is.
- B** De provinsje fergruttet de feiligens op de Fryske farwegen troch de sichtlinen op it wetter te ferbetterjen. Om dy reden sil wyldgroei fan strûken en beammen tsjingien wurde en dêr wêr 't dat nedich is, weromsnoeid wurde.
- B** Provinsje set fierdere digitalisearring hurder yn prosessen fan bestjoer, partisipaasje en útfiering, mar wol mei each foar de ynwenners dy 't net digitaal feardich binne. Ek foar harren moat de provinsje tagonklik bliuwe.



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

HAADSTIK 8: SÛNE EKONOMY

“Lokaal, MKB, Bedriuwichheid, Rekreaasje”

LOKAAL

Yn Fryslân sil BBB wurkje oan in krêftige en sûne Fryske ekonomy dy 't bydraacht oan it wolwêzen en de wolfeart fan ús provinsje. Mei in rommere regeljouwing krije bedriuwen en ûndernimmers de kâns en romte om ûndernimmen te bliuwen en ynnovearjen, sûnder tefolle hindere te wurden troch in sintrale provinsjale oerheid. BBB Fryslân set hjirby benammen yn op it stypjen fan de lokale ekonomy dy 't bydraacht oan de leefberens en it behâld fan it moaie en ferskate lânskip fan de provinsje.

MKB

Fan âlds binne Friezen ûndernimmend fan aard. Dat falt ek werom te sjen yn it MKB (midden - en lytsbedriuw), dêr 't in soad ienmanssaken, famyljebedriuwen en oare midden - en lytse ûndernimmingsen de koark binne dêr 't de Fryske ekonomy op driuwt. Yn dizze sektor komme ûndernimmerskrêft en ambacht byinoar. Spitigernôch fernimme wy de lêste tiid dat der binnen it MKB (mar ek hjirbûten) in tekoart is oan praktysk oplate minsken. De saneamde ' wrotters mei gouden hannen ' as de timmerman, stukadoar, elektrisien en leadjitter binne op dit stuit hurd nedich om benammen ús lokale ekonomy draaiende te hâlden. As it oan BBB Fryslân leit, sil de provinsje de technyske beroppen mear wurdearje en de nije oanwaaks derfan better stimulearje troch ûnder mear te wurkjen oan it wer opsetten fan de âlde beropsopliedings en it stimulearjen fan in lear / wurk trajekt foar jongerein en wat âldere weryntreders / beropsswitchers.



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

BEDRIUWICHHEID

Mei mear ûndernimmers - en ynnovaasjeromte besykje wy de ekonomyske posysje fan de Friezen en Fryslân te ferbetterjen. Op dit stuit leit it gemiddelde jierlikse ynkommen fan in Frysk húshâlden hast 10 persint leger as it lanlik gemiddelde. Om dy reden binne ynvestearrings yn ynnovaasje, ûndernimmerskip en fersterking fan ynternasjonale posysje nedich om it ekonomyske klimaat fan ús provinsje krêftiger en sûner te meitsjen. Oanwaaks fan nije bedriuwen en trochgroeï fan besteande bedriuwen drage by ta fersterking en fernijing.

BBB Fryslân makket him dus sterk foar genôch ferskillende foarmen fan bedriuwichheid yn de provinsje dy 't genôch ferskaat biede. Dêrmei wolle wy de (jonge) arbeidskrêften, zzp'ers en ûndernimmers behâlde foar ús provinsje. Dêrom is it saak dat de provinsje it ferskaat oan bedriuwen, beroppen en opliedings fasilitearret en stimulearret om de ekonomyske groei yn de regio te befoarderjen. Hjir giet it fansels om in ekonomyske groei dy 't net ta skea giet (mar krekt ta bate) fan it lanlik gebiet.

REKREAASJE

Fanâlds fynt der al rekreaasje plak yn ús wetterrike provinsje. Al jierren lûke binnen - en bûtenlânske toeristen oer ús provinsjegrinzen om te genietsjen fan it skjinne wetter, griene greiden en steatlike bosken. Binnen Nederlân hat ús provinsje in grutte rekreaasjefunksje en dêrmei is it ek in wichtige oanjager foar de Fryske ekonomy. Wy hawwe it dus oer in wichtige sektor dy 't jierliks in lytse 1,5 miljard euro generearret en mei goed 20.000 banen flink bydraacht oan de Fryske wurkgelegenheid. Neist de enoarme ekonomyske ympuls drage goede rekreative foarsjennings ek by oan de sûnens en leefberens fan de provinsje. It is saak dat de provinsje it rekreatyf ûndernimmerskip op sa 'n wize stimulearret dat toerisme en (dei-)rekreaasje ek foar de ynwenners fan de rekreaasjebieten in positive ûntwikkeling bliuwt. Troch bygelyks provinsjaal yn te setten op it 'jierrûn' toerisme komt der in bettere sprieding yn de yntream fan toeristen en deirekreatanten, wêrtroch 't de sektor ek mear ynsette kin op fêste banen.



DE STIM FAN EN FOAR FRYSLÂN

PROVINSJALE SPEARPUNTEN:

- Der komt binnen de provinsje genôch ûntwikkelingsromte foar ûndernimmers. Sa bliuwe famyljebedriuwen behâlden en kinne starters en MKB harren ekonomysk ûntwikkelje.
- De provinsje ynvestearret struktureel yn ynnovaasje - en ûndersyk sadat ús ûndernimmers oan de (wrâld)top produsearje bliuwe kinne.
- Ynsette op goede skjinne enerzjyfoarsjenning foar besteande en nije bedriuwen.
- De ferduorsuming fan enerzjy mei gjin behindering wêze yn de deistige bedriuwsfiering, mar is wol in pree foar bedriuwen om yn Fryslân.
- De provinsje fasilitearret kânsrike startende bedriuwen (startups). Fia de NOM (Investerings- en Ontwikkelingsmaatschappij voor Noord-Nederland) ynstallearre
- De provinsje hechtet belang oan in sûne fiskerijsektor, en sil de fiskerij fanút Fryske havens en ek de binnenfiskerij stypje. De fiskerij moat yn de Iselmar, de Lauwersmar, de Waadsee en de Noardsee net ûnmooglik makke wurde troch yndustrialisaasje, enerzjywingebieten of natuergebieten.
- De provinsje stimulearret de ûntwikkeling fan it toerisme en de rekreaasje en set benammen yn op 'jierrûn' toerisme.
- De provinsje befoarderet de netwurken tusken de toeristyske en rekreative trekpleisters. (farwegen, fytspaden, arranzjeminten, campings).
- Yn provinsjaal belied wurdt der romhertich omgien mei (nije) lytsskalige rekreaasje-inisjativen.